

# De E of de F kes

Refrain.

As de minsken my ris freegje : wat fynsto de bêste klub ? No dan sis ik SDS, ja SDS.  
Want ik sit al yn de F-kes en ús heit dy is de trainer en dy jout ús fuotballes, by SDS.  
As wy sneons wer spylje moatte sis ik : Yes !

Moarns betiid bin ik al wekker,  
En myn tas dy stiet al klear.  
Mem seit : Bern do bist net lekker !  
Mar yn sliep dat wol net mear.  
Goed betiid gean ik nei't fjild, de earste auto stiet der al,  
Op nei Harns, nei Snits as Boalsert ha wy al de measte lol !

Refrain.

Yn de pauze limonade,  
En dan hastich der wer út.  
Heit seit : Doch mar lekker stadich !  
Mar soks jout by ús gjin sprút.  
Lekker fleane; lekker drave, soms in triuw en soms in skop.  
Mar in spûns mei goed kåld wetter en in pleister lost dat op, wer op !

Refrain .

\*\*\*\*\*

Jûns dan lis ik yn myn bêd en tink werom oan dizze dei,  
Oan de wedstryd dy't ik spile en oan wat de trainer sei.  
Oan de pleister op myn knibbel, oan dat skaafplak op myn foet.  
En dan sis ik by mysels : ik ha in soad belibbe hjoed.  
Nei de wedstryd by de pingels skopte ik der bal der yn en doe makke ik in doel.  
Op reis werom krych ik in Mars, de trainer fûn ús hjoed wol bêst en dat is in fijn  
gefoel.  
Ach, wy F-kes, wy belibje dochs sa'n boel .....